

Vragen gesteld door de leden der Kamer, met de daarop door de regering gegeven antwoorden

1878

Vragen van de leden **Romke de Jong** en **Tjeerd de Groot** (beiden D66) aan de Minister van Binnenlandse Zaken en Koninkrijksrelaties over *het ontbreken van aandacht voor de Friese taal bij de introductie van bewindspersonen* (ingezonden 14 januari 2022).

Mededeling van Minister **Bruins Slot** (Binnenlandse Zaken en Koninkrijksrelaties) (ontvangen 25 februari 2022). Zie ook Aanhangsel Handelingen, vergaderjaar 2021–2022, nr. 1599.

Vraag 1

Klopt het dat de cv's van de nieuwe bewindspersonen in het Engels, Frans, Duits en Papiaments vertaald zullen worden, maar niet in het Fries?^{1 2}

Antwoord 1

Nee. Het Ministerie van Algemene Zaken laat de cv's van de bewindspersonen na de beëdiging van een nieuw kabinet vanuit het Nederlands vertalen in het Engels, Frans en Duits. Het is aan de individuele departementen om de afweging te maken of vertalingen in andere talen wenselijk zijn. Voor deze afweging is de richtlijn «Vertaalbeleid Rijksoverheid» leidend³.

Vraag 2

Kunt u toelichten waarom ervoor is gekozen de nieuwe cv's niet ook in het Fries te vertalen, terwijl dit een officiële rijkstaal is?

Antwoord 2

Artikel 2 van de Wet gebruik Friese taal stelt dat de Friese taal een officiële taal is in de provincie Fryslân, naast de Nederlandse taal⁴. Op basis van artikel 6 van deze wet kan ik «voor onderdelen van de centrale overheid waarvan het werkterrein zich uitstrekt tot de provincie Fryslân of een deel daarvan, regels stellen over het gebruik van de Friese taal in schriftelijke stukken en in het mondeling verkeer». Op grond van dit artikel heeft mijn

¹ Rijksoverheid, «Introductiedossier bewindspersonen Ministerie van BZK», pagina 5, <https://www.rijksoverheid.nl/documenten/richtlijnen/2022/01/10/introductiedossier-ministerie-van-binnenlandse-zaken-en-koninkrijksrelaties>.

² Vragen in het Fries meegezonden naar het ministerie

³ Rijksoverheid, «Vertaalbeleid Rijksoverheid», www.communicatierijk.nl/vakkennis/inclusieve-communicatie/documenten/publicaties/2021/05/28/vertaalbeleid-rijksoverheid

⁴ <https://wetten.overheid.nl/BWBR0034047/2014-01-01>

voorganger de richtlijn «Vertaalbeleid Rijksoverheid» aangepast en daarin de inwoners van de provincie Fryslân opgenomen als specifieke doelgroep.⁵ Voor veel Friestaligen is het Fries de moedertaal en dit betekent dat zij zich (mogelijk) beter uitdrukken in het Fries. Het kan daarom belangrijk zijn om bepaalde informatie in het Fries te vertalen. De informatie op de website van rijksoverheid.nl, waaronder de cv's van de nieuwe bewindspersonen, is informerend van karakter.

Vraag 3

Kunt u toelichten waarom de wettelijke taken omtrent de Friese taal niet in het introductiedossier voor de bewindspersonen van het Ministerie van Binnenlandse Zaken en Koninkrijksrelaties zijn opgenomen?

Antwoord 3

Het introductiedossier voor de bewindspersonen van Binnenlandse Zaken en Koninkrijksrelaties bestaat uit twee delen, waarvan het eerste deel eerder op de website van de rijksoverheid is geplaatst dan het tweede deel. Het eerste deel bevat onder meer het inwerkprogramma, uitleg over de organisatie en achtergrondinformatie over het ministerie. In het tweede deel wordt ingegaan op de beleidsterreinen van mijn ministerie. In dit deel is mijn verantwoordelijkheid opgenomen voor de erkende talen in Nederland.

Mijn verantwoordelijkheid voor de Friese taal komt voort uit de Wet gebruik Friese taal, die bepaalt dat de rijksoverheid en de provincie Fryslân gezamenlijke verantwoordelijkheid en zorgplicht hebben voor de Friese taal en cultuur. De Wet erkenning Nederlandse Gebarentaal (NGT) geeft mij de verantwoordelijkheid invulling te geven aan de bevordering van het gebruik van de NGT bij openbare toespraken van het kabinet en in het bestuurlijk en rechtsverkeer. Daarnaast ben ik vanuit het Europees Handvest voor regionale talen of talen van minderheden en vanuit het Kaderverdrag inzake de bescherming van nationale minderheden verantwoordelijk voor de bescherming van de talen Nedersaksisch, Limburgs, Jiddisch, Romanes en ook voor de Friese taal.

Vraag 4

Klopt het dat ook de website rijksoverheid.nl alleen beschikbaar is in het Nederlands, Engels, Papiaments en in de Nederlandse gebarentaal, maar niet in het Fries? Kunt u toelichten waarom hiervoor gekozen is?

Antwoord 4

Nee. De website rijksoverheid.nl is integraal uitsluitend in het Nederlands beschikbaar. Voor buitenlandse doelgroepen bestaat de Engelstalige website Government.nl. Mijn ministerie is verantwoordelijk voor het beheer van de informatie in Papiamentu en Papiamentu. Mijn ministerie maakt ook de afweging of informatie in deze talen moet worden vertaald, zorgt voor de vertalingen en publiceert deze op het Papiamentu- en Papiamentu-deel van rijksoverheid.nl, te weten Gobiernodireino.nl en Gobiernodireino.nl. Op de website rijksoverheid.nl zijn verschillende documenten in de Friese taal beschikbaar, zoals «Wannear mei ik it Frysk brûke?», de pagina over de «Fryske taal»⁶ en de pagina over de erkende talen in Nederland.⁷ Zoals bij het antwoord op vraag 1 is aangegeven is op basis van artikel 6 van de Wet gebruik Friese taal en cultuur de richtlijn «Vertaalbeleid Rijksoverheid» aangepast en zijn daarin de inwoners van de provincie Fryslân opgenomen als specifieke doelgroep.⁸

Vraag 5 en 6

Deelt u de mening dat het wenselijk en belangrijk is dat het Rijk voor belangrijke communicatie zoveel als mogelijk communiceert in alle officiële Nederlandse talen en dat bijvoorbeeld de cv's en de website van de

⁵ www.communicatierijk.nl/binaries/communicatierijk/documenten/publicaties/2021/05/28/vertaalbeleid-rijksoverheid/Vertaalbeleid+Rijksoverheid.pdf

⁶ www.rijksoverheid.nl/binaries/rijksoverheid/documenten/publicaties/2021/09/09/de-fryske-taal/De+Fryske+taal.pdf

⁷ www.rijksoverheid.nl/binaries/rijksoverheid/documenten/publicaties/2021/09/09/hokker-erkende-talen-hat-nederlan/Hokker+erkende+talen+hat+Nederl%C3%A2n.pdf

⁸ www.communicatierijk.nl/binaries/communicatierijk/documenten/publicaties/2021/05/28/vertaalbeleid-rijksoverheid/Vertaalbeleid+Rijksoverheid.pdf

rijksoverheid daarmee ook in het Fries vertaald zouden moeten worden? Zo nee, waarom niet?

Indien u het hier wel mee eens bent, kunt u toezeggen deze vertalingen alsnog beschikbaar te maken? Zo nee, waarom niet?

Antwoord 5 en 6

Ik vind het belangrijk om bepaalde informatie van de rijksoverheid in bij wet erkende talen beschikbaar te stellen. Om die reden is in het afgelopen jaar de richtlijn «Vertaalbeleid Rijksoverheid» op dit onderdeel aangepast en is opgenomen: «Voor veel Friestaligen is het Fries de moedertaal. Dit betekent dat, zeker in emotionele of gevoelige situaties, zij zich beter uitdrukken in het Fries, maar ook beter informatie verwerken in het Fries. Het kan daarom zinvol zijn om bepaalde informatie in het Fries te vertalen.» De informatie op de website van rijksoverheid.nl, waaronder de cv's van de nieuwe bewindspersonen, is informerend van karakter.

Vraag 7

Bent u bereid deze vragen zowel in het Nederlands als in het Fries te beantwoorden? Zo nee, waarom niet?

Antwoord 7

Ja, vanwege het verzoek van uw Kamer beantwoord ik de vragen in de Nederlandse en de Friese taal.

Bijlage

Oangeande: Keamerfragen oer omtinken foar de Fryske taal by de yntroduksje fan bewâldspersoanen

Fraach 1

Kloppet it dat de cv's fan de nije bewâldspersoanen yn it Ingelsk, Frânsk, Dútsk en Papiamintsk oerset wurde sille, mar net yn it Frysk?^{9 10}

Antwurd 1

Nee. It ministearje fan Algemiene Saken lit de cv's fan de bewâldspersoanen nei it beëdigjen fan in nij kabinet út it Nederlânsk wei oersetten yn it Ingelsk, Frânsk en Dútsk. It is oan de yndividuele departeminten om de ôfwaging te meitsjen oft oersettingen yn oare talen winsklik binne. Foar dy ôfwaging is de rjochtlíne «Vertaalbeleid Rijksoverheid» liiedend¹¹.

Fraach 2

Kinne jo taljochtsje wêrom't derfoar keazen is om de nije cv's net ek yn it Frysk oer te setten, wylst dat in offisjele rykstaal is?

Antwurd 2

Kêst 2 fan de Wet gebrûk Fryske taal stelt dat de Fryske taal in offisjele taal is yn de provinsje Fryslân, neist de Nederlânske taal¹². Op basis fan kêst 6 fan dy wet kin ik «foar ûnderdielen fan de sintrale oerheid wêrfan't it wurkterrein him útstrekt oant de provinsje Fryslân of in part dêrfan, regels stelle oer it brûken fan de Fryske taal yn skriftlike stikken en yn it mûnlinge ferkear». Op grûn fan dat kêst hat myn foargonger de rjochtlíne «Vertaalbeleid Rijksoverheid» oanpast en dêryn de ynwenners fan de provinsje Fryslân opnommen as spesifike doelgroep.¹³ Foar in soad Frysktaligen is it Frysk de memmetaal en dat betsjut dat sy harren (mooglik) better útdrukke yn it Frysk. It kin dêrom wichtich wêze om beskate ynformaasje yn it Frysk oer te setten. De ynformaasje op de webside fan rijksoverheid.nl, wêrûnder de cv's fan de nije bewâldspersoanen, is ynformearjend fan aard.

⁹ Rijksoverheid, «Introductiedossier bewindspersonen Ministerie van BZK», pagina 5, <https://www.rijksoverheid.nl/documenten/richtlijnen/2022/01/10/introductiedossier-ministerie-van-binnenlandse-zaken-en-koninkrijksrelaties>.

¹⁰ Vragen in het Fries meegezonden naar het ministerie

¹¹ Ryksoerheid, «Vertaalbeleid Rijksoverheid», www.communicatierijk.nl/vakkennis/inclusieve-communicatie/documenten/publicaties/2021/05/28/vertaalbeleid-rijksoverheid

¹² <https://wetten.overheid.nl/BWBR0034047/2014-01-01>

¹³ www.communicatierijk.nl/binaries/communicatierijk/documenten/publicaties/2021/05/28/vertaalbeleid-rijksoverheid/Vertaalbeleid+Rijksoverheid.pdf

Fraach 3

Kinne jo taljochtsje wêrom't de wetlike taken oangeande de Fryske taal net yn it yntroduksjedossier foar de bewâldspersoanen fan it ministearje fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes opnommen binne?

Antwurd 3

It yntroduksjedossier foar de bewâldspersoanen fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes bestiet út twa dielen, wêrfan't it earste diel earder op de webside fan de Ryksoerheid pleatst is as it twadde diel. It earste diel befettet ûnder mear it ynwurkprogramma, útlis oer de organisaasje en eftergrûnynformaasje oer it ministearje. Yn it twadde diel wurdt yngien op de beliedsmêden fan myn ministearje. Yn dat diel is myn ferantwurdlikheid opnommen foar de erkende talen yn Nederlân.

Myn ferantwurdlikheid foar de Fryske taal komt fuort út de Wet gebrûk Fryske taal, dy't bepaalt dat de Ryksoerheid en de provinsje Fryslân mienskiplike ferantwurdlikheid en soarchplicht hawwe foar de Fryske taal en kultuer. De «Wet erkenning Nederlandse Gebarentaal» (NGT) jout my de ferantwurdlikheid om ynfolling te jaan oan it befoarderjen fan it brûken fan de NGT by iepenbiere taspraken fan it kabinet en yn it bestjoerlik en rjochtsferkear.

Dêrneist bin ik út it Europeesk Hânfêst foar regionale talen fan minderheden wei en út it Ramtferdrach oangeande it beskermjen fan nasjonale minderheden wei ferantwurdlik foar it beskermjen fan de talen Nedersaksysk, Limboarchsk, Jiddysk, Romanesk en ek foar de Fryske taal.

Fraach 4

Kloppet it dat ek de webside rijksoverheid.nl allinnich beskikber is yn it Nederlânsk, Ingelsk, Papiamintsk en yn de Nederlânske gebeartetaal, mar net yn it Frysk? Kinne jo taljochtsje wêrom't dêrfoar keazen is?

Antwurd 4

Nee. De webside rijksoverheid.nl is yntegraal allinnich yn it Nederlânsk beskikber. Foar bûtenlânske doelgroepen bestiet de Ingelsktalige webside Government.nl. Myn ministearje is ferantwurdlik foar it behear fan de ynformaasje yn Papiamentu en Papiamentu. Myn ministearje makket ek de ôfwaging oft ynformaasje yn dy talen oerset wurde moat, stiet noed foar de oersettingen en publisearret dy op it Papiamentu- en Papiamentu-part fan rijksoverheid.nl, te witten Gobiernodireino.nl en Gobiernudireino.nl. Op de webside rijksoverheid.nl binne ûnderskate dokuminten yn de Fryske taal beskikber, lykas «Wannear mei ik it Frysk brûke?», de side over de «Fryske taal»¹⁴ en de side oer de erkende talen yn Nederlân.¹⁵

Lykas by it antwurd op fraach 1 oanjûn is, is op basis fan kêst 6 fan de Wet gebrûk Fryske taal en kultuer de rjochtlâne «Vertaalbeleid Rijksoverheid» oanpast en binne dêr de ynwenners fan de provinsje Fryslân yn opnommen as spesifike doelgroep.¹⁶

Fraach 5 en 6

Diele jo de miening dat it winsklik en wichtich is dat it Ryk foar wichtige kommunikaasje safolle mooglik kommunisearret yn alle offisjele Nederlânske talen en dat bygelyks de cv's en de webside fan de Ryksoerheid dêrmei ek yn it Frysk oerset wurde moatte soene? As nee, wêrom net?

As jo it dêr wol mei iens binne, kinne jo tasizze dy oersettingen dochs beskikber te meitsjen? As nee, wêrom net?

Antwurd 5 en 6

Ik fyn it wichtich om beskate ynformaasje fan de Ryksoerheid yn by wet erkende talen beskikber te stellen. Om dy reden is yn it ôfrûne jier de rjochtlâne «Vertaalbeleid Rijksoverheid» op dat ûnderdiel oanpast en is opnommen: «Foar in soad Frysktaligen is it Frysk de memmetaal. Dat betsjut dat, wis yn emosjonele of gefoelige situaasjes, sy harren better útdrukke yn it

¹⁴ www.rijksoverheid.nl/binaries/rijksoverheid/documenten/publicaties/2021/09/09/de-fryske-taal/De+Fryske+taal.pdf

¹⁵ www.rijksoverheid.nl/binaries/rijksoverheid/documenten/publicaties/2021/09/09/hokker-erkende-talen-hat-nederlan/Hokker+erkende+talen+hat+Nederl%C3%A2n.pdf

¹⁶ www.communicatierijk.nl/binaries/communicatierijk/documenten/publicaties/2021/05/28/vertaalbeleid-rijksoverheid/Vertaalbeleid+Rijksoverheid.pdf

Frysk, mar ek better ynformaasje ferwurkje yn it Frysk. It kin dêrom sinfol wêze om beskate ynformaasje yn it Frysk oer te setten.» De ynformaasje op de webside fan rijksoverheid.nl, wêrûnder de cv's fan de nije bewâldspersoanen, is ynformearjend fan aard.

Fraach 7

Binne jo ree dizze fragen likegoed yn it Nederlânsk as yn it it Frysk te beantwurdzjen? As nee, wêrom net?

Antwurd 7

Ja, fanwege it fersyk fan jo Keamer beantwurdzje ik de fragen yn de Nederlânske en de Fryske taal.